

## ■ Tekst 1 Taalbelied

- Mei it wurd 'lykwols' (r. 2) wurdt in tsjinstelling tusken de earste beide sinnen oanjûn.
- 2p 1  Lis út wat dy tsjinstelling ynhâldt. *Brûk net mear as 20 wurden.*
- 1p 2  Hokker bedoeling hat de skriuwer mei it tekstpart fan alinea 1 o/m 3?
- A De belangstelling fan de lêzer te lûken mei in aardige anekdoate.  
B De lêzer út te lizzen wat him dwers sit.  
C De oanlieding te fertellen wêrom't er dit stik skreaun hat.  
D Foarbylden te jaan fan it probleem dêr't de tekst oer giet.
- Yn alinea 2 en 3 wurde trije situaasjes neamd dêr't Friezen yn oergean op it Hollânsk.
- 2p 3  Wat is de oerienkomst tusken dy situaasjes? *Brûk net mear as 15 wurden.*
- Oan it begjin fan alinea 4 fertelt de skriuwer dat 'it foarfaltsje' him yn it sin kaam.
- 1p 4  Sitearje de sin of it sinpart dêr't er fierderop yn dúdlik makket wêrom't dat foarfaltsje him yn it sin kaam.
- 2p 5  Wêrom kiest de skriuwer foar it wurd 'bekearing' yn de sin: 'Bekearing' bart net op grûn fan nota's (r. 34)? *Brûk net mear as 20 wurden.*
- 4p 6  Hokker twa soarten fan arguminten brûkt de skriuwer om de lêzer derfan te oertsjûgjen dat adaptive taalbegelieding wol effekt hat? Nûmerje de twa soarten en jou de arguminten dy't dêrby hearre. *Brûk net mear as 20 wurden.*
- Yn alinea 5 seit de skriuwer dat it belied sa as dat beskreaun is yn de nije Taalnota, in dúdlik effekt hawwe sil.
- 1p 7  Wat wurdearret de skriuwer neffens alinea 5 yn de nije Taalnota? *Brûk heechút 12 wurden.*
- 1p 8  Wêrom is hy lykwols net tefreden oer de nije nota? *Jou it antwurd yn eigen wurden.*
- 1p 9  Wat is it ferbân tusken alinea 5 en alinea 6? *Brûk net mear as ien wurd.*
- 2p 10  Wêrom fynt de skriuwer it net foldwaande as de bern op skoalle knap Frysk leare? (al. 7) *Brûk net mear as 20 wurden.*
- Yn alinea 7 brûkt de skriuwer in drôchreden.
- 1p 11  Hoe kin dy riddenaasjeflater it bêste omskreaun wurde?
- A De skriuwer bestriidt in opfetting dy't oaren miskien net iens hawwe.  
B De skriuwer brûkt mei de formulearring 'it gewoane rûfeltsje dat wy al withoefaak heard hawwe' ten ûnrjochte kleure taal.  
C De skriuwer docht in ferkeard berop op de skiednis.  
D De skriuwer makket syn bewearing wier troch in berop te dwaan op de konsept-nota dêr't hy it sels net mei iens is.
- Yn de tekst wurde twa foarmen fan taalbelied foar inoar oer steld.
- 2p 12  Hokker twa foarmen binne dat?
- 1p 13  Mei hokker sin kin dit artikel it bêst gearfette wurde?
- A De Konsept-Nota Taalbelied Provinsje Fryslân is foar it Frysk in ramp.  
B Der moat noadich in kultuerfilosofyske konferinsje op priemmen set wurde.  
C It Frysk moat net allinnich mei papieren plannen stipe wurde.  
D Taalûnderwiis kin net bûten in taalfilosofysk ramt.
- De skriuwer is fan betinken dat der oan it ûnderwiis yn it Frysk nochal wat mankeart.
- 2p 14  Is syn argumintaasje foar dy miening op feiten basearre, of mear op mieningen? Jou in koarte taljochting.

# Eindexamen Fries vwo 2005-I

havovwo.nl

---

- 1p 15 ■ Wat is de bedoeling fan dizze tekst?
- A ferdivedearje
  - B ynformearje
  - C oantrune
  - D oertsjûgje

## ■ Tekst 2 Meartaligens yn it alfabetisearingswurk

- 1p 16 ■ Wat hawwe de dielnimmende lesjouters fan de proefkursus Frysk leard as it giet om it alfabetisearingsûnderwiis yn Fryslân?  
It grutste probleem fan de Fryske analfabeten is
- A dat se Frysk prate.
  - B dat se har yn it Hollânsk net uterje kinne.
  - C dat se net genôch selsbetrouwen hawwe.
  - D dat se net lêze en skriuwe kinne.
- 2p 17 □ Wat is it ferskil tusken de Frysk- en de Nederlânsktalige dosinten op de proefkursus Frysk as it giet om de fraach hokker ynfloed in taal hat op it selsbyld fan de sprekker fan dy taal?  
*Brûk net mear as 15 wurden.*

“Guon jouwe de skuld oan it feit dat se Frysktalich binne”, stelt Nico Visser úteinlik fêst.  
(r. 35-36)

- 2p 18 □ Is Nico Visser it mei de opfetting fan dy kursisten iens? *Motivearje it antwurd yn heechút 15 wurden.*

“Prate en harkje, dat kin elkenien wol.” (r. 40)

- 1p 19 ■ Wat betsjut dat?  
Dat is:
- A de miening fan Mulder.
  - B in miening dêr't elkenien it wol oer iens is.
  - C in miening dêr't Mulder it yn dit gefal net mei iens is.
  - D in miening dêr't nimmen it mei iens wêze kin.

- 2p 20 □ Wêrom fynt Mulder it gjin goede saak, dat minsken op alfabetisearingskursussen fierstente faak mei de stavering te krijen hawwe? *Motivearje it antwurd mei help fan de tekst. Brûk net mear as 25 wurden.*

## ■ Fragen by tekst 1 en tekst 2

- Yn tekst 1 skriuwt Koen Zondag oer it ûnderwiis oan Frysktalige bern, yn tekst 2 hat Bertus Mulder it oer it ûnderwiis yn Fryslân oan folwoeksenen dy't net lêze en skriuwe kinne.
- 2p 21 □ Hokker krityk hawwe Zondag en Mulder beide op de besteande gong fan saken by it taalûnderwiis?
- 2p 22 □ Yn hoefier binne Zondag en Mulder it net alhiel mei-inoar iens wat de oanpak fan it alfabetisearingswurk oangiet?

## ■ Tekst 3 Taal is mear as saaklike ynformaasje

18p **23** □ Meitsje in gearfetting fan tekst 3.

Soargje derfoar dat dy foldocht oan de neikommende betingsten:

- de gearfetting hat *net mear as 250 wurden*.
- de gearfetting hat deselde opbou as de oarspronklike tekst.  
Ferdiel de gearfetting yn fjouwer dielen en brûk dêrby de folgjende kopkes yn de hjirboppe fereaske folchoarder:
  - Fryslân;
  - Funksjes fan taal;
  - Gefolgen fan in grutter wurdende wrâld;
  - Takomst fan de talen.